

Memo

Aan : KfdK Brok, Deputearre de Vries, Deputearre Folkerts
Van : 
Toestelnr. : 
CC : , , ,
, , 
Datum : 5 novimber 2024
Betreft : DS-Stik Meartalige Ferkearsbuorden

Op 2 july is it DS-stik oer meartalige ferkearsbuorden foar in earste lêzing agindearre by Deputearre Steaten. Nei oanlieding fan dy lêzing waard oan de tsjinst frege om it stik oan te passen sadat A) haad- en bysaken better skieden wiene, en B) der in kommunikaasje-paragraaf yn stie dy't koerst op in koälysje 'of te willing'.

Op basis fan dy feedback is it stik oanpast en wurdt no op 'e nij oan de KfdK en de deputearren foarlein. Alle passaazjes dy't giel markearre binne, binne oanpast.

Oangeande de kommunikaasje is in kearnboadskip formulearre dy't oanspraak docht op de reewilligens fan de gemeenten om ek yn te setten op meartalige ferkearsbuorden. It twaledige kearnboadskip stiet neier taljochte yn it stik, mar de essinsje is dat meartalige ferkearsbuorden in wichtige bydrage leverje om it Frysk in lykweardich plak neist it Nederlânsk te jaan yn de iepenbiere romte en dat in unifoarm strjitbyld, dus twataligens rûnom, bydraacht oan ferkearsfeiligens. It is dus fan belang dat de gemeenten ek har ferkearsbuorden ferfryskje yn it ramt fan ferkearsfeiligens.

Yn dit stik wurdt de kommunikaasje nei de gemeenten ta útwurke. Nei't de beslútfoarming plakfûn hat en der mear dúdlik is oer de útrôl dêrfan, sil de kommunikaasje nei de boarger ta fierder útwurke wurde.

Wannear't it stik op 'e nij agindearre wurde kin foar DS, is ôfhinklik fan de folgjende oandachtspunten: yn it foarrige oerlis is oanjûn dat der in foarkar is om it stik net geheim te agindearjen. As dy foarkoar noch hieltyd bestiet, dan soe DS pas oer dit ûnderwerp beslute moatte nei de bestjoerlike oerlizzen mei de gemeenten. Mocht DS

earder oer it ûnderwerp beslute wolle, is it advys om it stik wol geheim te agindearjen om't oars it byld fan in koälysje fuortfalt.

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen